



SELSEVALUAASJE DINGTIID 2019-2023

DESIMBER 2023
BURO NOORDERLINGEN
BERBER VEENSTRA &
SIETSCHIE NIEUWENHUIS



YNHALDSOPJEFTE

- 1) Undersyksopset
- 2) Byld fan de organisaasje 2019 - 2023
- 3) Winsken foar de takomst fan de organisaasje
- 4) Algemiene ûnderfiningen en winsken oangeande advys
- 5) Underfiningen en advizen oangeande gearwurking
- 6) Gearwurking Ryk en Provinsje > Fan ûnderfining nei winsk
- 7) Algemiene oanbefellings fanút Buro Noorderlingen
- 8) Einkonklúzje n.o.f. weromkeppeling



D / N G
T / / D

Orgaan foar de Fryske taal

UNDERSYKSOPSET

- Bestjoer en stêf wolle de hjoeddeistige wurkwize en resultaten evaluatearje om foarút te sjen nei de takomst
- Der is gjin wetlike ferplichting om op dit stuit in selsevaluaasje út te fieren
- Dizze selsevaluaasje is útfierd troch twa konsultants neffens it saneamde fjouwer-eagen-prinsipe
- De ûndersyksfragen binne fêststeld troch bestjoer en stêf
- Der is wurke mei in leechdrompelige en iepen selsevaluaasje fia persoanlike fraachpetearen
- Der is ôfsûnderlik sprutsen mei stêf en bestjoer
- Dêrnei is sprutsen mei eksterne stakeholders fanút earder bestjoer, Provinsje Fryslân en it ministearje fan BZK
- De útkomst fan de selsevaluaasje is primêr foar yntern gebrûk
- Ynsjen freegje fan de selsevaluaasje fynt plak fia DINGtiid



1) BYLD FAN DE ORGANISAASJE 2019-2023

Yntern



Lykwaardige gearwurking bestjoer en stêf > stypjend nei elkoar



DINGtiid is as organisaasje hieltyd better yn byld > yntern is mear erkenning fan deskundichheid te fernimmen



Oanbod wurdt breder > neist frege en net-frege advys is DINGtiid ek in ferbinende, fasilitearjende netwurkorganisaasje




Oanbod is neist Ryk en Provinsje Fryslân hieltyd mear rjochte op oare organisaasjes en boargers

Ekstern



Goeie sfear binnen de organisaasje, oanfoljende deskundichheid tusken stêf en bestjoer




DINGtiid is in wurdearre petearpartner

- ûnôfhinklikheid kombinearre mei lobby
- deskundichheid op it 'Frysk' en minderheidstalen (bg. mentorrol gebeartetaal)
- frege en net-frege advys
- ferbinende partij yn netwurken
- langetermynfyzje
- pro-aktiviteit




2) BYLD FAN DE ORGANISAASJE 2019-2023

Yntern



It dúdlik bepalen fan mooglikheden en kaders keppele oan de fyzje/opdracht fan DINGtiid wurket noflik



Oersetten fan strategysk plan nei in wurkprogramma mei in prioritearring wurket noflik




DINGtiid stiet op 'e kaart!



Betiid begjinne mei it winnen en de seleksje/kweekfiver foar de takomst en de hjoeddeistige saakkundigens behâlde

Ekstern



It is goed dat der bewuste karren makke wurde yn de aktiviteiten dy't DINGtiid op de aginda hat



DINGtiid-lêzingen wurde wurdearre. Boarging fan it ferfolch en ynhâld kin soms better. De lêste lêzing is beskôge as ynhâldlik fan heech nivo



De ynset fan Asega's wurdt as belangryk en ynnovatyf sjoen. Fanút de ynhâldlike ynput fan jongerein en 'kweekfiver' foar de organisaasje

WINSKEN FOAR DE TAKOMST FAN DE ORGANISAASJE

Yntern

Deskundichheid op it Frysk en minderheidstalen breed ynsette bliuwe

Pro-aktyf bliuwe oangeande in ferskaat oan beliedsadvys en ferbinende rol yn netwurkaktiviteiten

Neist ynhâldlik advys, mear fokus op proses (û.o. oarsprong en ferrin fan advysfraach)

Eksterne lykwaardige organisaasjes (yn it bûtenlân besykje) is ynspirearjend en goed foar de teambuilding

Ekstern

Behâld de hjoeddeistige diversiteit en deskundichheid by bestjoer en stêf

Bliuw frege en net-frege advys jaan. Folgje it advysproses mei fokus op ympakt fan rol en posysje

DINGtiid-lêzingen binne belangryk foar de takomst, sawol foar de ynhâld as foar it netwurk

ALGEMIENE UNDERFININGEN OANGEANDE ADVYS

Yntern

Advizen wurde sawol op ynhâld as op proses hieltyd better ûntfongen

DINGtiid-lêzings kinne bliuwend ynsetten wurde en de opfolging fan de tema's kin noch mear boarge wurde

Ynset fan Asega's foarmje in tafoege wearde op spesifyk advys

Ekstern

Advys fan DINGtiid helpt om prosessen by te stjoeren > advys hat ympakt

Wurkwize fanút langetermynperspektyf fersterket en it giet boppe de polityk út

DINGtiid as ferbinende faktor tusken polityk belied en útfierend wurkfjild is noflik

ALGEMIENE WINSKEN OANGEANDE ADVYS

Yntern



Wurkje mei in proses-checklist kin draachflak en/of ynhâldlike karren befoarderje



Foar de GFTK kin de rol en tsjinstferliening ferheldere wurde



De ynset foar BFTK kin mooglik earder yn it advysproses



Neist hjoeddeistige advyswurksumheden binne der mooglik oanfoljende aktiviteiten te ûntwikkeljen



Foarmjouwing fan advys kin mooglik wat ynteraktiver (bygelyks troch mear gebrûk fan byldmateriaal)

Ekstern

Gean foarôfgeand en tidens it advys nei oft de kreative ferwurding en rjochting oanhâlden wurdt (mei behâld fan ûnôfhinklikens)

Wês bewust fan politike sensitiviteit en objektiviteit, krekt fanút de ympakt dy't DINGtiid as organisaasje hat

Advizen kinne ynhâldliker ferdjippe/objektivearre wurde troch mear (eksterne) ûnderbouwing/ekspertize

BZK > belutsenheid yn earder stadium is lestich fanwegen de lagen yn beslútfarming (advysfraach is faak yn it lêste stadium te dielen mei eksternen). Mooglik kin yn it foar besjoen wurde wat de wichtichste punten binne foar de bestjoerlike agenda

UNDERFININGEN EN ADVIZEN OANGEANDE GEARWURKING

Yntern



+ Yntern is de gearwurking hiel noflik en fersterket de output



+ De ynternasjonale wurkbesiten fersterkje ynterne en eksterne gearwurking en befoarderje deskundichheid



→ Der soe noch mear reflektearre wurde kinne op it befoarderjen fan deskundichheid (bygelyks fia in 'heidei')

Ekstern



+ Koarte linen mei stêf en bestjoer en de ûnderlinge oanfolling yn persoanlikheid en deskundichheid



→ Mooglik kin eksterne stipe helpe by yntern leare en ûntwikkelje (bygelyks mear prosesjittich wurkje)



→ DINGtiid soe eksterne gasten (bygelyks út it bedriuwslibben) meinimme kinne by ynternasjonale wurkbesiten. Dat kin foar eltsenien ferrykjend wurkje

GEARWURKING RYK EN PROVINSJE > FAN ÛNDERFINING NEI WINSK

Yntern

It soe noflik wêze as der mear kontinuïteit is yn de teamgearstalling by BZK. Dat stiet los fan de persoanlike ynset fan minsken

By Provinsje Fryslân binne troch tiidkrapte ôfspraken net trochgien. DINGtiid soe graach mear belutsen wêze wolle

Ekstern

Meardere partijen neame dat it te fernimmen is dat der yn de gearwurking mei Ryk en Provinsje Fryslân bytiden spanning field wurdt. Heart ek by ferskil yn posysje

Foar gearwurking jildt lykas by advys, it belang fan rekkenskip fan politike sensitiviteit

Yn it ramt dêrfan is it goed om bewust ferskil tusken bestjoer en stêf yn te setten ('ûnderfining/byldfoarming')

Wiksling by BZK sil bliuwe, mar der is miskien noch wol mear mooglik mei in ynterne waarme oerdracht

BZK en Provinsje Fryslân hawwe oanjûn it noflik te finen om mei elkoar de gearwurking te evaluearjen

ALGEMIENE OANBEFELLINGS FANUT BURO NOORDERLINGEN

- Wês “grutsk” op jimme bysûndere gearwurking, deskundichheid en posysje yn it fjild
- Hâld koers en prioritearje yn wurksumheden en boarging fan aktiviteiten
- Ontwikkelje oanfoljende nije aktiviteiten
- Tink nei oer mooglike ynteraktive foarmjouwing fan advys
- Ontwikkelje prosesbehearsking ûnder it advysproses
- Nim tiid foar refleksje en trochûntwikkeling op ynhâld, ynterne en eksterne gearwurking
- Jou (mear) omtinken oan politike sensitiviteit yn it ramt fan jimme wurksumheden
- Oerwaagje it organisearjen fan ‘heidagen’ en it ynsetten fan eksterne begelieding

